

© Foto: argyf Arjen Joost Hillebrand.

# Taede Ruurds Abma

Taede Ruurds Abma is op 30 juny 1826 berne yn Folsgeare oan de ‘leane’ en wurdt oanjûn op 1 july 1826 troch syn heit Ruurd Freerk Abma mei de tsjûgen Fedde Oeges Breeuwsma en Hendrik Uiltjes Hoekstra, beide boer en buorlju fan de âlden Ruurd Freeks Abma en Hiltje Klazes Wiersma.

berte akte 01 july 1826



PROVINCIE VRIESLAND, gecompareerd Ruurd Freerks Abma ou[d]
Zeven en veertig Jaren boer wonende te Folsgare
welke ons een kind van het mannelyk geslacht heef[t]
voorgesteld, den dertigsten der maand Juny dezes Jaars
des avonds ten Zes uren uit hem declarant en
Hiltje Klases Wiersma Zyne Huisvrouw te Fols-
gare geboren, en aan hetwelk hy verklaard heeft
de voornaam te geven van Tade

# Dorpscanon van Folsgeare

Taede Ruurds Abma

*Ruurd Freeks Abma oud zeven en veertig jaren boer wonende te Folsgare welke ons een kind van het mannelijke geslacht heeft voorgesteld, den dertigsten der maand Juny dezes jaars des avonds ten zes uren uit hem declarant en Hiltje Klazes Wiersma zijne Huisvrouw te Folsgare geboren, en aan het welk hij verklaard heeft de voornaam te geven van Tade.*

Taede is it tsiende bern fan Ruurd Freerks en Hiltje Klazes en foar in namme moatte se wat fierder werom yn de tiid. Hy wurdt ferneamd nei syn oerpake *Tade*.

Syn beppe Baukje Taedes is yn 1811 stoarn. Yn it erfskip fan Meinte Ruurds Abma stiet in notysje dêr't yn stiet dat Baukje Taedes berne is op 6 maaie 1744. Ut it doopboek fan de Herfoarme gemeente Aldegea, Idzegea en Sândfird docht bliken dat har âlden Tade Murks en Geertje Goverts binne.

Boarne: Doopboek Herf. gem. Aldegea, Idzegea en Sândfird


1744. De 10de Mey Baukje een dogter van Tade Murks en Geertje Goverts van Sand-firde.

de 10de Mey Baukje een dogter van Tade Murks en Geerte Goverts van Sandfirden

Taede Ruurds wurdt yn de berte akte troch syn heit oanjûn mei de namme Tade krekt lyk as Baukje har heit syn namme skreaun wurdt by har ynskriuwing yn it doopregister fan Sânfird.

De pleats dêr't tade of Taede berne is en




kaart Eekhoff

Taede bliuwt de jongste fan de húshâlding en is hast sân jier âld as syn heit Ruurd Freerks Abma, 54 jier âld, op 16 maart 1833 ferstjert.
Oanjowers binne Taeke Jans Westendorp, âld sân en trichtich jier, boer op Suderburen, en Wiebren Lolkes van Wieren, âld tritich jier, boer op Strûpenkeal, beide buorlju fan de ferstoarne.


In het jaar Een duizend acht honderd drieëndertig, den Achttienden dag der maand Maart des voormiddags ten elf uren, zijn voor ons Assessor gedelegeerd Officier van den Burgerlijken Stand der Gemeente Wymbritseradeel PROVINCIE VRIESLAND, gecompareerd, Taeke Jans Westendorp oud zevenendertig jaren Boer en Wiebren Lolkes van Wieren oud dertig jaren Boer beide wonende te Folsgare en buren van de overledene welke ons verklaard hebben, dat Ruurd Freerks Abma oud vierenvijftig jaren Boer geboren te Hijdaard wonende te Folsgare Echtgenoot van Hiltje Klazes Wiersma Boerin wonende te Folsgare op den Zestienden dag der maand Maart dezes jaars des avonds ten acht uren, te Folsgare is overleden, en hebben de Declaranten deze Acte, na dat hun dezelve was voorgelezen, nevens ons onderteekend.

Tresoar

Taede is boeresoan en groeit krekt bûten it doarp op oan de ’leane’. Der is noch net in skoalle en hy kriget les fan syn mem en âldere broers en susters. It boerewurk is in ûnderdiel fan syn opfieding en as jongste soan sil hy letter as boer op de âlderlike pleats komme.

Taede Ruurds is al op 18-jierrige leeftyd keazen ta tsjerkfâd. It makket net út oft je Teerde of Taede skriuwe, hy heart no wol by de minsken dy’t wat yn de molke te krommeljen hawwe.

Hy hat yn 1843 belutsen west by de oprjochting fan de iepenbiere legere skoalle yn it doarp. Mei in liening fan tûzen gûne fan Douwe Jeljers Bouma út Snits oan de tsjerke yn Folsgeare hat it mooglik west om in skoalle mei mastershûs bouwe te litten op grûn fan’e tsjerke. Sa komt Taede Ruurds ek yn kontakt mei de pakesizzer fan Douwe Jeljers dy’t mei har âlden Jelle Douwes Bouma en Eelkjen Douwes van Dijk op in pleats yn Tinga ûnder Snits wenje.


meente te Folsgare den zevende October 1800 vier en veertig
/get./ Pieter G. v.d. Goot. G. F. v.d. Meer.
Opgenomen en goedgekeurd door kerkvoogd. en hervormde floreen
pligtigen van Folsgare den 12 October 1844.
/get./ P. G. v.d. Goot. G. F. v.d. Meer. S. G. Kooistra, F.
R. Abma, S. S. Kooistra, Teerde R. Abma, S. van Welderen
Rengers. S. Wijbenga Secr.

tsjerke argyf Folsgeare: Tsjerkeboek 1752 – 1844

*Folsgare den zevende October 1800 vier en veertig / get. / Pieter G. v.d. Goot. G.F. v.d. Meer*
*Opgenomen en goedgekeurd door kerkvoogd en hervormde floreen pligtingen van Folsgare den 12 October 1844/ get. / P.G.v.d. Goot G.F.v.d Meer S.G. Kooistra F.R. Abma S.S.Kooistra* ***<u>Teerde R. Abma</u>*** *S. van Welderen Rengers S. Wijbenga Secr.*

Op 7 maaie 1848 trout hy op 21-jierrige leeftyd mei de 16-jierrige Minke Jelles Bouma.


In het jaar Een duizend acht honderd achtenveertig, den Zevenden
dag der maand Mei zijn voor ons ondergeteekende
Ambtenaar van den Burgerlijken
Stand der Stad Sneek
Provincie Vriesland, gecompareerd:
Tade Abma oud een en twintig jaren,
geboren te Folsgare, zonder beroep,
wonende te Folsgare, minderjarig zoon van Ruurd
Freerks Abma, overleden, en van Aaltje Klazes
Wiersma, boerin, wonende te Folsgare.

Tade Abma, oud een en twintig jaren, geboren te Folsgare, zonder beroep.


En
Minke Bouma oud zestien jaren,
geboren te Sneek, zonder beroep,
wonende te Sneek, minderjarige dochter van Jelle
Bouma, boer, en van Eeltje Douwes van
Dijk, zonder beroep, beide wonende te Sneek

It is in dûbel houlik fan de susters Bouma: ***Aaltje Jelles*** trout mei Gerrit Wynia en ***Minke Jelles*** mei Taede Ruurds Abma

LC
12-05-1848


*** Getrouwd:
G. F. WINIA, *van IJtens;* en
A. J. BOUMA, *van Sneek.*
T. R. ABMA, *van Folsgare,* en
M. J. BOUMA, *van Sneek.*
Sneek,
den 7 Mei 1848.
*Eenige kennisgeving.*

Taede is by syn trouwen noch net boer. Syn mem Hiltje Klazes Wiersma is de boerinne op de pleats.
It ferhaal giet dat Minke nei har trouwen, om't se noch sa jong is, de faam mei kriget om har it bûter en tsiis meitsjen noch te learen.
Nei harren trouwen wurdt Taede Ruurds boer op de pleats. Op 22 febrewaris 1849 kriget Minke harren earste bern, dochter Eelkjen Taedes Abma.
Yn de oanjêfte stiet dat Taede boer is en Minke boerinne.


Taede Ruurds Abma oud twee en twintig jaren, Boer wonende te Folsgare; Welke ons verklaarde dat op den Eenentwintigsten dag dezer maand Februarij des avonds ten Elf ure te Folsgare een kind van het vrouwelijk geslacht is geboren uit hem declarant en zijne huisvrouwe Minke Jelles Bouma Boerinne te Folsgare woonachtig, aan welk kind hij verklaarde de voornaam te geven van Eelkjen

Akte: Tresoar

Taede Ruurds betanket yn 1851 foar it amt fan tsjerkfâd.


BURGEMEESTER EN WETHOUDERS VAN WIJMBRITSERADEEL, convoceren de Hervormde Floreenpligtigen van de Gemeente *Folsgare*, om te compareren in de Kerk aldaar, op Zaturdag den 22 November 1851, des voormiddags ten elf ure, ten einde te benoemen een KERKVOOGD in plaats van *Taede Ruurds Abma*, die als zoodanig heeft bedankt.
Sneek,
den 5 November 1851.
*Burgemeester en Wethouders voornoemd,*
S. VAN WELDEREN RENGERS.
*Ter ordonnantie van Dezelven,*
S. WIJBENGA, *Secretaris.*

LC
14-11-1851

De húshâlding is ûnderwilens útwreide met twa dochters Hiltje 1850 en Tjitske 1851.
Blydskip en fertriet lizze by Teade en Minke ticht by elkoar. Se krije bern en bringe se fuort. Ruurd 1853 - 1867, Jelle 1855, Baukjen 1857 - 1871, Age 1858 - 1860, Age 1860 - 1862, Age 1862 - 1873, Geertje 1863 – 1864.

Op 4 jannewaris 1865 ferstjert Taede Ruurds syn mem Hiltje Klazes Wiersma op 83-jierrige leeftyd. Taede Ruurds Abma ferhuzet nei it boelpartsjen nei de gruttere pleats, dy't syn heit yn 1827 kocht hat. Letter sil syn soan Ruurd Taedes de pleats ferbouwe. Dizze wurdt bekend ûnder de namme de "Blikken pleats"

foto: Fries Landbouwblad 1960



De "Blikken Pleats"

Nei de ferhuzing komme Trijntje 1865- 1865, Catharinus (Ruurd) 1867, Trijntje 1869, net libben man 1871 der noch by.
Taede Ruurds en Eelkjen Douwes krije yn totaal 14 bern dêr't der acht fan al op jonge leeftyd ferstjerre. De dea fan Ruurd Taedes, 13 jier âld, op 6 april 1867 komt hurd oan by Taede Ruurds Abma. Der is no net in bern mear dy't de namme fan syn heit hat.



*** Heden werd ons ouderhart diep gewond, daar het den Heer van dood en leven behaagde ons geliefd oudst Zoontje, RUURD, van ons weg te nemen, na eene toenemende ongesteldheid van 4 weken, in den ouderdom van 13 jaren, 7 maanden en 9 dagen. — Mogten wij genade ontvangen, om in dezen smartelijken weg eenswillend te wezen, en getroost worden met de algenoegzame vertroostingen Christi!

Folsgare, den 6 April 1867. TÆDE RUURDS ABMA, MINKE JELLES ABMA, geb. BOUMA.

*Algemeene kennisgeving.*

LC 09-04-1867



berteleppel / rouleppel fan Ruurd Taedes Abma

Ynskripsje:

*Ruurd Taedes Abma geboren den 28 augustus op zondagavond 7 uur 1853*

*en is overleden den 6 april 1867 op zaterdagmiddag 4 uur.*

foto: Sipke Bakker

Yn 1867 keapet Taede Ruurds fjouwer grêven op it tsjerkhôf fan Folsgeare foar tolve gûne.


Van T. R. Abma voor den verkoop van
vier graven op het kerkhof twaalf Gulden,
ter genoemden Staat Litt 2 ............ 12.00 15 00

Tsjerkeboek 1845 – 1898

Nei de berte fan Trijntje op 1 augustus 1869 giet hy nei de rjochtbank mei it fersyk om de namme Catharinus feroarje te litten yn Ruurd. By de rjochtbank ferklearret hy dat de kâns dat der noch in jonge komt dy't hy nei syn heit ferneame kin tige lyts is. De rjochtbank giet hjir yn mei en op 27 augustus 1869 wurdt de nammeferoaring yn it berteregister ynskreaun.

*Akte fan rektifikaasje d.d. 7 augustus 1869, wêrby't foarnamme bern feroare wurdt fan "Catharinus" yn "Ruurd"*


№ 81
Bij vonnis gewezen door de Arron-
dissements Regtbank te Sneek den ze-
venden Augustus achttien honderd
negen en zestig, op de expeditie
behoorlijk geregistreerd, en in het
register voor de aangaven
van geborenen voor het jaar
achttien honderd negen en
zestig op folio zeven en
vijftig en achten vijftig
ingeschreven, is gelast,
op daarbij aangevoerde gron-
den, de voornaam van het
in nevenstaande geboorte
acte vermelde kind.
Catharinus
te veranderen in die van
Ruurd.

Bij vonnis door de arrondissements regtbank te Sneek den zevende Augustus achttien honderd negen en zestig, op de expeditie behoorlijk geregistreerd, en in het register voor de aangaven van geborenen voor het jaar achttien honderd negen en zestig op folio zeven en vijftig ingeschreven, is gelast op daarbij aangevoerde gronden, de voornaam van het in nevenstaande geboorte acte vermeld kind

Catharinus

te veranderen in die van

Ruurd

Tresoar: 27 augustus 1869

Taede Ruurds Abma wurdt yn 1871 wer tsjerkfâd en is dan yn 1874/1875 belutsen by it ôfbrekken fan'e tsjerke út 1864 en de werbou yn 1875.

Lijst der ingetekenden 1874

*Het mag bekend worden geacht dat de kerk te Folsgare zich in niet gewenschte toestand bevindt Volgens verklaring van deskundigen zal een behoorlijk herstelling eene som van ongeveer fl 5000 vereischen*

*Bij dezen wordt aangeboden een lijst ter intekening voor vrijwillige bijdragen etc.*

De bydrage fan T. R. Abma mei in bedrach fan fl. 500, - is twa en in heal kear sa heech as it heechste bedrach dat dêrnei komt fan dûmny Guldenarm dy't foar fl. 200, -- yntekenet. Dit enoarme bedrach jout oan dat Taede Ruurds him tige by de tsjerke en it doarp belutsen fielt.



1874

Het mag bekend worden geacht, dat de kerk te Folsgara zich in niet geweenschten toestand bevindt. Volgens verklaring van deskundigen zal eene behoorlyke herstelling eene som van ongeveer ƒ 5000 vereischen.
By dezen wordt aangeboden eene lyst ter inteekening voor vrywillige bydragen.
Ingeval echter het gezamentlyk bedrag de som van ƒ 3000 niet te boven gaat en dientengevolge ook de meest milde inteekenaren aan eene nieuwe bydrage by wege van omslag op floreene of lidmaten zouden kunnen onderworpen worden, wordt hierby de bepaling gemaakt, dat in zoodanig geval (nog eens: indien voor geen ƒ 3000 gezamentlyk ingeteekend wordt) geheel de lyst van inteekening en dus elke toezegging van eene bydrage vervalt.

| Namen der inteekenaren | G. | C. | Namen der inteekenaren | G. | C. |
|---|---|---|---|---|---|
| T. R. Abma | 1500 | | S. K. Brouwsma bet | 50 | 00 |
| Mevr. Rengers Bet | 100 | 00 | J. J. Kooistra bet | 150 | — |
| E. van der Gaast | ƒ 125 | — | S. J. Kooistra bet. | 200 | — |
| | | | J. H. Guldenarm Betaald | ƒ 200 | — |

De earste stien fan de nije tsjerke wurdt op 8 septimber 1875 dan ek troch Taede Ruurds syn soan Ruurd Taedes Abma lein.

foto Atse Bruin



Yn novimber 1875 keapet Taede Ruurds Abma in pleats oan ‘e Tsjaerddyk (no 29).

Notarieel argyf Tresoar: Obligaasje akte datum: 08 april 1881


No 8020

Voor mij Zijtse Sybouts de Haan, notaris te Leeuwarden, provincie Friesland, is in tegenwoordigheid van natenoemen getuigen verschenen:
Taede Ruurds Abma, landbouwer wonende te Folsgare
Welke verklaarde wettig schuldig te zijn aan den WelEdelen Heer Johannes Swildens, zonder beroep, wonende te Leeuwarden eene som van Twaalf duizend gulden, nederlandsche munt, wegens geleend

Yn april 1881 lient hy tolvetûzen gûne fan Johannes Swilders foar it ôfbrekken en de nijbou fan de pleats.

*Voor mij Zytse Sybouts de Haan notaris Te Leeuwarden provincie Friesland is in tegenwoordigheid van na te noemen getuigen verschenen -------------------------------------------------------------------------*

*Taede Ruurds Abma, landbouwer wonende te Folsgare ---------------------------------------*

*Welke verklaarde wettig schuldig te zijn aan den Weledelen Heer Johannes Swilders, zonder beroep, wonende te Leeuwarden eene som van Twaalf duizend gulden, nederlandsche munt*


**ZATHE TE FOLSGARE.**

**Uit de hand TE HUUR** eene in aanbouw zijnde STELPHUIZING aan den Tjaardijk onder Folsgare, met daarbij gelegen 11 hectare of 30 pondemaat puik best **Weiland.** Huurtijd 3 jaren, van 1881—1884.

**NOTA.** De Verhuurder is ook wel genegen p. m. 17 hectare of 46 pondemaat Land bij het Huis te voegen, wanneer de Huurder zulks verkiest.

Gegadigden vervoegen zich bij Notaris PEEREBOOM te Bolsward of bij den eigenaar, den Heer T. R. ABMA te Folsgare.

De earste stien moat noch lein wurde mar Taede Ruurds set de pleats al te hier.

LC 08-04-1881

Yn juny 1881 wurdt wer de earste stien lein troch syn soan Ruurd Taedes Abma.



De eerste steen
gelegd door
R.T. Abma
18 – 06 – 1881

foto Atse Bruin

Jierliks wurde de heechste belestingbetellers fan Fryslân neamd yn’e krante. Taede Ruurds út Folsgeare stiet yn 1882 wer yn de top hûndert op nûmer 91 fan de heechste betellers.



| Volgn. 1. | NAAM. 2. | VOORNAMEN. 3. | Geboorte-plaats. 4. | Dagteekening der Geboorte. 5. | Dagteekening der Naturalisatie. 6. | TE 7. |
|---|---|---|---|---|---|---|
| 91 | Abma te Folsgare | Taede Ruurds | Folsgare (Wijmbritserad) | 30 Jan. 1826 | | Heeg Nijland |

LC 22-05-1882



35-jarige echtvereeniging
VAN
TEADE R. ABMA
EN
MINKE J. BOUMA.
Folsgare, 7 Mei 1883.
Uit naam der Kinderen.

LC 04-mei 1883



Foto:

Fries Landbouwblad 1960

Fan de bou fan de nije legere skoalle tsjin de âlde skoalle oer yn 1886 ôf sit Taede Ruurds Abma yn it bestjoer fan de skoalle as ponghâlder.

Tsjerkeboek 1845 – 1898



3. Ontvangen van T. Abma penningm: van het school-bestuur, Drie Gulden als teruggave wegens vuur in de kerk 20 April '87 inwijding der school St. No 8.

Ontvangen van T.Abma penningm. van het schoolbestuur. Drie gulden als teruggave wegens vuur in de kerk 20 april '87 inwijding der school



In het jaar Een duizend acht honderd twee en negentig, den tweeden dag der maand Juni — zijn voor ons ondergeteekende, Ambtenaar van den Burgerlijken Stand der Gemeente HENNAARDERADEEL, Provincie Friesland, gecompareerd: Ruurd Abma, oud vijfentwintig jaren, van Boerebedrijf, geboren en wonende te Folsgare, meerderjarige zoon van Taede Abma, boer, en van Meinke Bouma, zonder beroep, echtelieden, wonende te Folsgare ter eene zijde, en Antje Noordmans oud vijfentwintig jaren, zonder beroep, geboren en wonende

It houlik fan Ruurd Taedes Abma en Antje Noordmans op 2 juny 1892 sil Taedes Ruurds tige goed dien ha.

Syn soan Ruurd sil aanst boer wurde op de pleats dy't syn pake Ruurd Freerks foar syn bern kocht hat.
Earst wennet it jonge stel yn Hidaard dêr't Taede Ruurds Abma yn 1893 berne wurdt. Troch de nammeferoaring fan Catharinus nei Ruurd is der no in Taede Ruurds Abma jr. en dat jout Taede Ruurds Abma sr. in goed gefoel.



Minke Jelles Bouma    1831 – 1896

foto: argyf Arjen Joost Hillebrand

*** Na eene ongesteldheid van 5 weken trof mij heden namiddag omstreeks 1 uur de zwaarste slag des levens, door het overlijden mijner geliefde Echtgenoote en der Kinderen zorgdragende Moeder MINKE JELLES BOUMA, in den ouderdom van 65 jaren en ruim 4 maanden, na eene genoegelijke echtvereeniging van 48 jaren en bijna 6 maanden.
Hare hope was op de offerande van Christus voor zonderen aan het kruis volbracht, alzoo treuren wij niet als degenen, die geen hope hebben.
Folsgare, 2 Nov. 1896.
Mede namens Kinderen, Behuwd- en Kleinkinderen,
TEADE R. ABMA.
*Algemeene kennisgeving.*

LC 06-11-1896

Ut in berjocht yn de LC docht bliken dat Popkje de Boer húshâldster is by Taede Ruurds Abma

**Aankondiging.**

Bij exploot van den deurwaarder Popke Luitjens de Lang te Heerenveen, van den 22 Mei 1903, is, ten verzoeke van POPKJE DE BOER, huishoudster, verblijfhoudende te Folsgare bij Taede Ruurds Abma, veehouder aldaar, doch naar de wet gedomicilieerd bij haren man Romke Foppes na te noemen, onder overgave van afschrift beteekend aan: ROMKE FOPPES, zonder beroep en zonder bekende woon- of verblijfplaats in dit Koninkrijk, een door genoemde Popkje de Boer aan de Arrond.-Rechtbank te Heerenveen ingediend request, strekkende tot bekoming van verlof om, ter zake daarin omschreven, tegen voornoemden Romke Foppes kosteloos te mogen procedeeren, met de daarop door die Rechtbank op 8 Mei 1903 gegeven voorloopige beschikking; terwijl bij datzelfde exploot meergenoemden Romke Foppes is opgeroepen om, ingevolge het bij gemelde beschikking gegeven bevel, op Vrijdag, den 29 Mei 1903, des voormiddags te 9¾ uur, met de requestrante te compareeren in het Paleis van Justitie te Heerenveen, voor de bij die beschikking benoemde Heeren Rechters-Commissarissen, welke hen zullen hooren en der Rechtbank rapporteeren.
Zijnde dit exploot gedaan conform het 2e lid van art. 4, no. 7, W. v. B. R.
De Procureur van de requestrante,
W. H. DE GREVE te Heerenveen

LC 23-05-1903

Hedenavond overleed onze administreerend Kerkvoogd, de Heer

**TEADE R. ABMA,**

in den ouderdom van ruim 77 jaren.

Namens de mede-Kerkvoogden,
K. ROLLEMA.
B. ROUKEMA.

**Folsgare, 14 Sept. 1903.**

Taede hat fan de oprjochting fan de kristlike skoalle yn 1866 ôf ponghâlder west.

Rotterdamsch nieuwsblad 18-09-1903



Taede Ruurds Abma 1826 -- 1903

foto: argyf Arjen Joost Hillebrand

Voor de vele bewijzen van deelneming tijdens de ziekte en na het overlijden van onzen geliefden Vader, Behuwd- en Grootvader, betuigen wij onzen hartelijken dank.

Folsgare, October 1903.

Uit aller naam,
J. T. ABMA.

LC 16-10-1903

Nei it ferstjerren fan Taede Ruurds Abma wurdt Jelle Taedes Abma eksekuteur fan it erfskip fan syn heit.

LC 07-10-1903

**Oproeping.**

Ieder, die iets te vorderen heeft van, of verschuldigd is aan den boedel van wln. den Heer TAEDE RUURDS ABMA, Veehouder te Folsgare, aldaar overleden 14 September 1903, wordt verzocht daarvan opgaaf of betaling te doen aan den Heer JELLE T. ABMA op Bons onder IJsbrechtum.

Ut it boelguod docht bliken dat Taede Ruurds Abma in grut beslach fee en boere ark hie en it dêrom in “ Voornaam Boereboelgoed “ is.

**Voornaam Boereboelgoed.**

De Notarissen J. M. GOSLINGS en H. FENNEMA te Sneek zullen op **Woensdag 28 October 1903**, 's voormiddags 9 uur, ten sterfhuize van den Heer Taede Ruurds Abma te Folsgare, tegen contante betaling, publiek verkoopen:

1. Een uitmuntend, gezond BESLAG VEE, bestaande in: 37 melke koeien, 1 vette koe, 12 hokkelingen, 1 enter stier, 21 kalvers, 16 schapen, 18 lammeren, 8 varkens, 2 paarden, mak en in alle tuig bereden, eene partij kippen, duiven, enz.

2. BOERENREEUW en GEREEDSCHAPPEN, als: kapwagen, tilbury, 5 hooiwagens, waarvan 1 op veeren, aardkar, egge, landrol, kaaspers, kaasstelling, brokaad, vaten, 64 koperen aden, 17 koperen emmers, boteraad, karn met koperen hoepen, 12 melkvaten, *Centrifuge, merk Alpha, verwerkende 340 liter per uur*, 3 gereiden met hoofdstellen, harken, vorken, griepen, enz. enz.

3. Eenige MEUBELEN en HUISRAAD.

4. Eene partij best binnenlandsch HOOI, ongeveer 51 koe'seten, waarvan 43 in de Schuur en op het Hiem en 8 in de Schuur, die in gebruik is bij Ruurd Klazes Abma.

Nog 2 belten ingekuild GRAS.

Op de Zathe is geen gelegenheid voor stalling.

Koekdisschen en hakblokken worden niet toegelaten.

LC 16-10-1903

Ruurd Taedes Abma komt werom op de pleats dêr’t hy berne is, krekt sa as syn heit Taede Ruurds Abma it yn gedachten hie.




Taede Ruurds en Minke Jelles wurde begroeven op it tsjerkhôf fan Folsgeare.

foto: W.Hovinga
Graftombe.nl

Underwilens binne de grêfstiennen fan Taede Ruurds Abma en Minke Jelles Bouma ferfongen troch dy fan harren neiteam.

***Colofon***

*Tekst: Atse Bruin*

*Bewurking en oersetting: Wytske Heida*

*Foto's: Atse Bruin, Sipke Bakker, argyf Arjen Joost Hillebrand, W. Hovinga, Fries Landbouwblad*

*Kaart: Eekhoff*

*Artikels: LC, Rotterdamsch Nieuwsblad, tsjerkeboek 1752 – 1844, tsjerkeboek 1845 – 1898*

*Aktes: Tresoar, Doopboek Herf. gem. Aldegea, Idzegea en Sânfird*

*Disclaimer: Foar alle foto’s jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa’t de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*